

## By de bare *bult* en oare distributive kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften yn it Frysk

Jarich Hoekstra

### Summary

*Modern West Frisian makes ample use of quantifying prepositional phrases like by de rûs, by 't soad and by de bare bult, all meaning 'galore'. This article first of all provides a survey of the basic data. Next, it is argued that the quantifying pattern by de/it N has developed from distributive prepositional phrases with nouns denoting large non-exact quantities (by 't ammerfol 'bucketwise' > 'galore'). Quantifying prepositional phrases as part of a noun phrase (jild by de bare bult 'money galore') are then analyzed as occupying the specifier position of a quantifier phrase, their postnominal position being due to the fact that prepositional phrases in noun phrases normally stand after the noun. Finally, some quantifiers are considered that at first sight can appear in both pre- and postnominal position (genôch jild / jild genôch). The contention will be that in both cases the quantifier occupies the same (prenominal) structural position and that its structural variability is only apparent.*

### Ynlieding

Yn 2013 hat Jack Hoeksema yn it Grinzer taalkundetydskrift *Tabu* in artikel yn it ljocht jûn oer de Hollânske kwantifisearjende útdrukking *bij de vleet* yn sinnen lykas *Jan heeft boeken bij de vleet* en *Er is geld bij de vleet*.<sup>1</sup> Dat artikel hat my oan it tinken set oer ferlykbere útdrukkingen yn it Frysk. It earste dat jin opfalt at men jin dêr yn jout, is dat der yn it Frysk mear sokke útdrukkingen binne as yn it Hollânsk. *Bij de vleet* is yn it Hollânsk in frijwat inkeld gefal; der binne net folle oare kwantifisearjende útdrukkingen dy't neffens itselde mal foarme binne.<sup>2</sup> Boppedat is de útdrukking semantysk ûntrochsichtich; it haadwurd *vleet* komt allinnich mar mear foar yn *bij de vleet* en de sljuchtweihinne Hollânskprater wit

- 
- 1 Foar kommintaar op in kladde fan dit artikel betankje ik Siebren Dyk en Eric Hoekstra.  
 2 Hoeksema (2013, 160) wiist noch op *bij bosjes*, dat allinnich mar skaat fan it haadwurd dêr't it oer kwantifisearret foarkomt, bygelyks yn *de soldaten sneuvelde bij bosjes*. In oar foarbyld is *bij bakken*, dat njonken it frekwintere *met bakken* inkeld foarkomt yn 'e fêste ferbining *de regen komt/kwam bij/met bakken uit de hemel*. Ynstee fan útdrukkingen mei *bij* brûkt it Hollânsk faaks mear sokken mei *in* (*in overvloed, in drommen, in scharen, in massa's* ensfh.).

net wat dat wurd betsjut.<sup>3</sup> Dêrfoaroer hat it patroan *by de/'t N* en *by N-plur* foar kwantifisearjende útdrukkingen foar grutte hoemannichten yn it Frysk muoi produktyf west. Boppedat binne sokke útdrukkingen yn it Frysk gauris semantysk trochsichtiger. Yn 'e neikommende paragraaf sil ik dêr earst de bewizen foar bybringe. Yn paragraaf 3 sil ik dan sjen litte dat en ferklearje hoe't dy kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften ûntstien binne út konstruksjes mei it distributive ferhâldingswurd *by*. Yn paragraaf 4 gean ik yn op it plak fan ditsoarte fan útdrukkingen yn 'e sin of yn 'e haadwurdkloft en doch ik in útstel foar in syntaktyske analyse. Dêrby sjuch ik ek nei de strukturele posysje fan mooglik ferlykbere kwantifisearders lykas *genôch* (*boeken genôch, jild genôch*). Paragraaf 5 jout de konklúzje.

#### 1. Kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften

De wurdlike wjergader fan Hollânsk *bij de fleet* yn it Frysk is *by de fleet* (WFT 6, s.v. *fleet*), dat wol in hollanisme wêze sil. Ferlykje it neikommende fragmint út it liet 'Pyt' fan Bombarje:

- (1) It kin frieze it kin taaie,  
rein of sinne **by de fleet**.  
Dat komt troch Pyt, dat komt troch Pyt,  
Pyt is uze waarprofeet.

Njonken it haadwurd *fleet* 'mannichte' stiet it wat Frysker bylkjende *flite* (WFT 6, s.v. *flite*), mar in útdrukking *\*by de flite* bestiet der net. Foar *by de fleet* binne der yn it Frysk lykwols in hiele protte 'gevere' alternativen. Dy sille yn it neikommende besprutsen wurde.

Men kin Hollânsk *bij de vleet* bygelyks oersetse mei *by de bult* (WFT 3, s.v. *bult*).<sup>4</sup> Ferlykje:<sup>5</sup>

- (2) a. En skaad is der by't simmer **by de bult** yn 'e Trynwâlden.  
[*De Einekoer* (Doarpskrante Gytsjerk), jg. 20, nov. 2013, s. 9]  
b. Want der binne dreamen **by de bult** en der binne lege  
wurden **by de bult**;  
haw do mar ûntsach foar God. [*Bibel* (1978), Preker 5:6]

3 It wurdt etymologysk meast gearbrocht mei it ferâldere fakwurd *vleet* 'hjerringnet' (De Vries 1971).  
4 Wylst it haadwurd *bult(e)* en de kwantifisearder *in bult(e)* yn it Frysk in einichste *-e* krije kinne, mist dy *-e* der sa't it liket hast altiten yn 'e ferbining *by de (bare) bult* (mar sjuch fuotnoat 6).  
5 Foar de boarneantsjuttingen wurdt hjir en tenei (it mal fan) it WFT oanhoden.



c. Der kamen **by de bult** lieafhabbers opsetten.

[P. Bleeksma, *F.m.n.* 146 (1874)]

Yn (2a) is *by de bult* skaat fan 'e haadwurdkloft dêr't it oer kwantifisearret (*skaad*), yn (2b) stiet it lyk derefter en yn (2c) lyk derfoar. Deselde trije mooglikheden fine wy ek by gâns oare útdrukkingen dy't hjir noch op 't aljemint komme sille. Sa't sjen litten wurde sil, kinne útdrukkingen lykas *by de bult* inkeld at se fuort dêrnei steane mei de haadwurdkloft ien konstituïnt foarmje. Op 'e syntaktyske analyze fan dizze útdrukkingen kom ik yn par. 3 noch wiidweidich tepraat.

*By de bult* kin fersterke wurde troch it eigenskipswurd *baar* (WFT 1, s.v. *baar* V, 3) foar *bult* te setten:<sup>6</sup>

- (3) Sechjes, siswizen, sprekwurden en útdrukkingen oer froulju, se binne der **by de bare bult**. [<http://itnijs.nl/2010/05/it-beste-stik-husrie>] (rieplachte op 1-5-2014)

Yn dat foarbyld kwantifisearret *by de bare bult* op ôfstân oer it persoanlik foarnamwurd *se*.

Njonken *by de (bare) bult* (mei beskaat ientallich haadwurd) bestiet der ek noch in útdrukking *by bulten* (mei in keal meartal), dy't lykwols allinnich op distânsje kwantifisearje kin en net ien wurdkloft foarmje kin mei de haadwurdkloft dêr't oer kwantifisearre wurdt:<sup>7</sup>

- (4) Dy hiene 'it' mei elkoar dien. Yn in park. Net troude. Lykas studinten dat **by bulten** wol dwaan moasten yn parken en op oare bjusterbaarlike plakken.  
[U. Brolsma, *De Moanne* 3, 55 (2002)]

- 6 Allinnich by Waling Dykstra fynt men *by de hiele bulte* mei it eigenskipswurd *hiel* en mei in einichste *-e yn bulte*:
- (i) a. Hy ... hie syn measte wysheit op dien yn romansboeken, dy er **by de hele bulte** troch læzen hie.  
[Dykstra, *heamiel* 24 (1850)]
- b. De Friezen (hiene) dêr sa'n nocht oan, dat **by de hele bulte ljue**, dy tofoare nei gjin frysk lêzen taeld hiene, der do mei bigounen.  
[W. Dykstra, *S. en R.* 1 (1890)]
- 7 Dat lêste betsjut net dat *by bulten* net 'tafallich' ris fuort foar of efter de haadwurdkloft stean kin dêr't it oer kwantifisearret. Ferlykje:
- (i) By eltse feest of greate pret, / Dêr folk **by bulten** hinne set, / ... Dogge altiid frouljue tige mei.  
[*Fr.Vbl.*, 60, 2 (1877)]



Utdrukkingen dy't neffens it mal *by N-plur* foarme binne, kinne sa't it liket yn 't ginneraal inkeld skaat fan it kwantifisearre haadwurd foarkomme en binne foar 't neist bywurdlike bepalingen by de tiidwurdkloft (ferl. par. 3.1.). Ferlykje dêrta ek de neikommende foarbylden:

- (5) a. It kû't lei hjir foar de kust **by protten** op de haden.  
 [www.oudtzummarum.nl/html/zeedijkvisserij7846.htm  
 (rieplachte op 1-5-2014)]
- b. Wêr sjogg'jo dy loftten / dy seiltsjes **by kloften** / wêr sjogg'jo dy loftten / yn de simmer as by ús.  
 [Tetman de Vries, *Wêr sjogg'jo dy romte*]
- c. De swarte joadeprommen fen it foarige jiers sitte yet **by keppels** oan 'e tûken.  
 [S.M. v.d. Galien, *Y.ú.e.t.* 33 (1930)]
- d. Doktersromans wurde **by heappen** slynd.  
 [A. Wadman, *It kritysk kerwei* 32 (1990)]

In oare Fryske wjergader foar Hollânsk *bij de vleet* is *by 't soad* (WFT 20, s.v. *soad*). Ferlykje:

- (6) a. Holle beammen binne der **by 't soad**.  
 [S.M. v.d. Galien, *Y.ú.e.t.* 10 (1930)]
- b. Ik haw ideeën **by't soad**. [*t Pompeblêd* (Doarpskrante mei it nijs fan Fryske Peallen en Sigerswâld), jg. 8, maaie 2002, s. 7]
- c. Kooistra wûn neist prizen ek **by 't soad** earetekens.  
 [www.pc-franeker.nl/Fries/Skiednis/PC-keningen/  
 -20e-ieuw-1e-kwart/?p=670] (rieplachte op 1-5-2014)]

It haadwurd *soad*, dat him ek yn 'e kwantifisearder *in soad* oppenearret, betsjutte oarspronklik 'kôksel, hoemannichte dy't sean wurdt', mar dan ek 'moai grutte hoemannichte, massa'. Feitliks is *soad* in *de*-wurd (ferl. *eat oan 'e soad bringe*), mar it lidwurd *de* is yn dizze omkrite ta 't wurden lykas yn *by 't simmer* of *op 't skik* (sjuch foar it fonologyske proses dat dêr efter stiket Hoekstra & Visser 1996 en Visser 2011). It is opfallend dat de oergong *de > 't* him ek yn in stikmannich oare útdrukkingen fan dit slach oppenearret, nammentlik yn *by 't seksje* njonken *de seksje* (WFT 18,



s.v. *seksje*),<sup>8</sup> by 't *poarsje* njonken *de poarsje* (WFT 17, s.v. *poarsje*) en by 't *oper* njonken *de oper* (WFT 15, s.v. *oper*). Ferlykje:

- (7) a. Sjoen de taalkundige kritearia dy't jilde foar de bondel Skroei, mei men ferwachtsje dat de gearstallers dêrfan ynterferinsjes net tasteane, mar se komme **by 't seksje** foar. [P. Breuker, *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk* 113 (1993)]  
 b. Ik scoe hjir yet **by 't seksje** foarbylden bydwaen kinne. [J. f. 'e Gaestmar, *F.m.n.* 187 (1902)].
- (8) a. It Dúnkoalsied ... stiet der **by 't poarsje**, lyk as ek it Burdgers. [Franke & v.d. Ploeg, *flora* 136 (1963)]  
 b. Se slaan ek **by 't poarsje** CO<sub>2</sub> op, dy't nei it ôfstjerren fan de beammen wer frijkomt. [www.itnijs.nl/2012/12/noed-oer-ferkwinen-alde-beammen] (rieplichte op 1-5-2014)
- (9) a. Mûlstikken ha 'k **by 't oper**; / Breidspriemen, stiel of koper; / Breidskewen, hout of bien. [W. Dykstra, *blomme-kranske* 20 (1851)].  
 b. wierne der **by 't oper** oan 'e merk. [Fr. W. (1903)]

Moat de oergong *de* > 't yn al dizze gefallen fonologysk ferklearre wurde of is it patroan *by 't N* in stikhinne produktyf wurden?

In tige gongbere wjergader fan Hollânsk *bij de vleet* yn it Frysk is ek *by de rûs* (WFT 18, s.v. *rûs*).<sup>9</sup>

- (10) a. Frjeonen hie er oeral **by de rûs**. [L.C. 05-07-1924]  
 b. O dat hearlike grutte appelhûf/Alear by har âlders' hûs,/ Mei dy moaije hege abeeljenbeam/En blommen **by de rûs**. [O. Postma, *Samle fersen* 27 (1978)]  
 c. It jubeljier 2013 hat **by de rûs** krantestikken en soundbites brocht dêr't út bliken die dat Ljouwert in boppeslach dien hie. [Fr. D. 15-01-2014, s. 37]

- 8 De fariant *by seksjes* komt inkeld ek foar (as bywurdlike bepaling by de tiidwurdkloft):  
 (i) De simmer stjert ... en yn in wipke – is jimme libbensnocht bidoarn; **by seksjes** geane jimme er oan. [J.J. Hof, *Heit*. 53 (1925)]
- 9 *By de rûs* kin sa't it liket lykas *by de (bare) bult* ek fersterke wurde troch in eigenskipswurd foar it haadwurd:  
 (i) Hja hawwe dêr jild **by de âlde rûs**. [WFT, Opjefte: J. de Vries, Noardburgum (1955)]



It haadwurd yn dy útdrukking is grif *rûs* yn 'e oarspronklike betsjutting 'grutte (rûsde?) hoemannichte'.<sup>10</sup>

Njonken *by de bult*, *by 't soad* en *by de rûs* besteane der ek in noch in stikmannich minder algemien gebrûklike útdrukkingen fan itselde mal. Fierhinne ta de Wumkes/Folkertsma-bibel beheind is sa't it liket *by de mannichte* (WFT 13, s.v. *mannichte* 1):<sup>11</sup>

- (11) a. En David biskikte izer **by de mannichte**, ta spikers yn 'e poartedoarren, en ta ankers; allyksa koper **by de mannichte** dat der gjin weagen oan wier; en sederhouten balken sûnder tal; hwent de Sidoniërs en de Tyriërs brochten David sederhouten balken **by de mannichte**.  
[*Bibel*, 1 Kroniken 22: 3-4]
- b. Hwent hy hat **by de mannichte** oksen en mêstfê en skiep slachte.  
[*Bibel*, 1 Keningen 1:19]

Yn âlder (19de-iuwsk) Frysk fynt men de útdrukking *by 't hier* (WFT 8, s.v. *hier* I, 4):

- (12) a. Hwet wearde in goune hie, dat learde hy net kennen, omdat er jild **by 't hier** thrôch âlders erfskip hie. [A. Boonemmer, *doarpke* 91 (1876)]
- b. Du hast kar-út, om hja binne d'r **by 't hier**. [S.K. Feitsma, *F.m.n.* 170 (1891)]

Noch wol gongber binne útdrukkingen dêr't it haadwurd in ôflieding mei *-fol* (ek yn 'e meartalsfoarm *-follen*) is (ferl. Hoekstra 1988). Dy binne lykwols meast geklik of oerdriuwend bedoeld. Ferlykje:

- (13) a. Hollânske skoalmasters ... dy habbe wy hjir **by it skep-  
netsje vol**.  
[B. Kooistra, *forteltsjes* 8 (1877)]

10 Der bestiet ek in útdrukking *by de rûs* (njonken *op 'e rûs*) mei de betsjutting 'op 'e roai, op 'e gis'.

11 Ferlykje ek, mei it patroan *by N-plur*:

(i) **By mennichten** songen de hjerstfûgels. [S. Kloosterman, *hengist* 78 (1933)]



- b. Ja, det is nuver: lege nêsten **by 't skepnetsjefol**, en aeijen  
- hou mar.  
[L.C. 18-04-1931]
- c. Ynformaesje **by it skepnetsjefol**. [Fr. en F. 20-9-1975]
- (14) a. Hwat de stomme letters oanbilanget: (...) it Ingels en it  
Frânsk binammen hawwe se **by 't sekfol**.  
[L.C. 04-05-1966]<sup>12</sup>
- b. De fiskers hiene ek hiel hwat hynsteferstân en joegen  
wize rie **by 't sekfol**.  
[Frisia 21-11-1947]
- c. Ick winsckje oon Wijbe, ick winsckje oon Saapke ... **Bij  
sækfollen** freugde, fen bern in fen berns bern. [J.C.P.  
Salverda, *rijmckes* 15 (1824)]
- (15) It is ús dúdlik wurden, foar nij belied is eins gjin romte.  
Doch binne der winsken **by it weinfo**. [De Sawn Stjerren Post  
13-12-1988]

Ut it foarôfgeande sil dúdlik wurden wêze dat kwantifisearjende útdrukkingen mei it patroan *by de/'t N*, *by N-plur* omraak wreide hawwe yn it Frysk. Yn 'e neikommende paragraaf sil neigien wurde hoe't dy útdrukkingen krekt ûntstien binne.

## 2. Distributyf by

It ferhâldingswurd yn útdrukkingen lykas *by de (bare) bult* is it distributive *by* (WFT 2, s.v. *by* 19, 20; Hoekstra 1988, 106). It distributive ferhâldingswurd *by* nimt as komplemint inkeld kwantifisearjende wurden, d.w.s. telwurden (ferl. (16)) of mjitteoantsjuttende haadwurden (ferl. (17))<sup>13</sup>

- 12 Njonken *by 't sekfol* fynt men ek *by de sekfol* (mei it lidwurd *de* fan *sek* ynpleats fan it lidwurd *it* dat ôfliedingen mei *-fol* yn 'e regel hawwe):
- (i) Hy koe ien bult schriftuurpleatsen opdreune ... Hy hie se net by de pong, mar **by de sekfol**.  
[W. de Jong, *domenys* 14 (1840)]
- 13 Nei distributyf *by* krije telwurden de útgong *-en* dy't se ek nei oare ferhâldingswurden krije. Ferlykje *nei ienen*, *oer twaen*, *foar tsienen*, *healwei fjouweren* en *om alven hinne*. Utdrukkingen lykas *by ienen* ensfh. kinne ek in net-distributive betsjutting 'tsjin ienen' hawwe.



- (16) a. It is goed, dat bern **by ienen** komme en net **by tsienen** lyk as de biggen.  
[Fr. W. (1903)]
- b. Froeger, dan waarden se **by twaen** ôfwoegen, of **by fjouweren** leaver, yn ien kear.  
[H. Sijens, *Sa werkte dat froeger* 61 (2001)]
- (17) a. It gjiet **by t Snies**, ‘zy worden bij ’t twintigtal verkogt’.  
[P.C. Scheltema, *spreekw.* 1063 (1835)]
- b. Hast de baerch forkoft **by ’t poun** of by (op) ’e rûs.  
[Fr. W. (1903)]
- c. By de hannel yn ierappels wurdt noch altyd rekkene **by ’t kuorfol**, in âlde ynhâldsmjitte fan in út wilgeteannen flochten ierappelkoer, dy ’t oerien komt mei 35 kg ierappels.  
[W.H. Posthumus, *O, dy Berltsumers!* 90 (2010)]  
([www.webklik.nl/user\\_files/2012\\_03/368790/PDF/Skiednis\\_Berltsum-v27b\\_Definitief.pdf](http://www.webklik.nl/user_files/2012_03/368790/PDF/Skiednis_Berltsum-v27b_Definitief.pdf))
- d. De Fryske selskippen moatte húshâlde fan de sommen, dy ’t in hûndertmennich lju **by gounen en ryksdaelders** byinoar bringe.  
[E.B. Folkertsma, *eachweiding* 232 (1950)]
- e. Yn ’t earstoan fan ’e oarloch hie se noch wolris tûzen baalders kocht en dy **by bytsjes** ôfbetelle mei wat Former fan it moljen ynbrocht.  
[D. v.d. Ploeg, *De jacht* 230 (1988)]

Distributive útdrukkingen kinne licht in kwantitative konnotaasje krije, benammen at it haadwurd in navenant grutte, net mear eksakte hoe-mannichte oantsjut. *By ienen* of *by fjouweren* kin allinnich mar distributyf ynterpretearre wurde, mar *by hûnderten* of *by tûzenen* hat ornaris in kwantitative konnotaasje. Ferlykje ek de oanhalen yn (18):

- (18) a. De reinwettersbak wie altiten leech en it wetter út ’e poel wie brún, dat wy moasten it **by ’t ammerfol** ophelje.  
[L.C. 05-02-1991]
- b. De kwabiel sette it kût ôf op it ûnderstrûpte bûtlân. Yn dy snuorje waarden se **by ’t amerfol** fongen  
[L.C. 24-03-1981]
- c. Op mominten dy’t har dêrfoar liene spuie de lûdsprek-kers de muzikaledesibellen **by’t amerfol** oer it publyk út.  
[L.C. 27-08-2010]





Yn (18a) wurdt *by 't amerfol* noch rein distributyf brûkt. Yn (18b) hat it lykwols njonken de distributive betsjutting dúdlikernoch in kwantitative konnotaasje; in *amerfol* is in navenant grutte mjitte foar iel. Yn (18c), dêr't *by 't amerfol* oerdrachtlik brûkt wurdt, is it rein kwantifisearjend wurden; desibellen sitte net yn amers.<sup>14</sup>

De measte útdrukkingen dy't wy yn 'e foarige paragraaf op 't aljemint brocht hawwe, hawwe as haadwurd in wurd dat in grutte, net krekt ôftelde hoemannichte oantsjutte kin. By *bulte*, *soad* en *mannichte* is dat fuort dúdlik, mar *rûs*, *seksje*, *poarsje*, *oper* en ôfliedingen mei *-fol* lykas *seksfol* kinne of koene ek allegear foar gruttere protten brûkt wurde (ferl. *in rûs hjouwer*, *in seksje soldaten*, *in poarsje medaljes*, *in oper hea*, *in seksfol goede ried*).<sup>15</sup> Distributive útdrukkingen mei sokke haadwurden binne hast by definysje (ek) kwantifisearjend.

Distributive útdrukkingen mei *by* wurde yn it Frysk ornaris brûkt om yndividuen (minsken en dingen) of stoffen yn te dielen, mar der binne in stikmannich bestjurre útdrukkingen dy't sjen litte, dat it patroan ek foar temporele distribúsje brûkt wurde koe. Ferlykje de útdrukkingen yn (19):

- (19) *by* riten  
*by* stuiten  
*by* tiden  
*by* wilen

It haadwurd is dêr in oantsjutting foar in net eksakt tiidskoft.

Yn it Noard-Frysk (en it Leechdútsk) fynt men fierders it neikommende bywurd fan tiid:

- (20) *biletjen* (ld. *bilütten*) 'stadichoan'

Dêr hat in distributive útdrukking mei in haadwurd dat in lytse hoemannichte oantsjut - *letj* is 'lyts', *hjr* 'in bytsje'; de útdrukking betsjut

- 14 Dat jildt ek foar *by ammerfol* yn:  
 (i) It reint **by ammerfol**, mar dochs nimme de bern wiidweidich de tiid foar in praatsje...  
 [www.omropfryslan.nl/utstjoering/hea-fan-2012-10-18t170300] (rieplichte op 1-5-2014)
- 15 De iennichste útsûndering is sa't it liket *hier* yn *by 't hier* (ferl. (12)). Men soe jin dêrom ôffreegje kinne oft *hier* dêr net in fariant is fan *hear* 'leger; mannichte'. Willem Visser wiisde my op 'e útdrukking *it stiet derop as (it) hier op 'e hân* (fan boufruchten sein), mar dêr giet it neffens it WFT (8, s.v. *hier* I, 4) mear om it ticht opinoar stean as om de hoemannichte.



dus oarspronklik ‘by bytsjes’ - sa’t it liket de temporele betsjutting ‘stadichoan’ krige. Men kin it op ien streek sette mei de neikommende útdrukkingen yn it Frysk:

- (21) linkelytsen  
njonke(n)lytsen

Dat *linke* (WFT 12, s.v. *linke*) by âlds ek in distributyf ferhâldingswurd wie, docht bliken oan ‘e foarbylden yn (22):<sup>16</sup>

- (22) a As in jongfaem nijsgierich is, eft in feint smucht op hjar het, ja ofte né, den nimt hja sa’n blomke en roppet dêr de bledtsjes **linke-ienen** út, wylst hja by elts bledtsje lústert: “Fen herte” “mei smerte” “in bytsje”, as “alhiel net.”  
[Nynke fan Hichtum, *F.h.e.h.* 355 (1889)]  
b. Hwat hat se der lang for sparje moatten; **linke stûren** is ‘t by-inoar kommen, om sa mar to sizzen.  
[*Sw.* 61 (1900)]

Oanwizingen dat it ferhâldingswurd *njonke(n)*, dat hjoeddedei benammen ‘nêst, neist’ betsjut, earder ek distributyf brûkt wurde koe, haw ik net fine kinnen.

Gearfetsjend kin sein wurde dat kwantifisearjende útdrukkingen fan it slach *by de/’t N*, *by N-en* ûntstien binne út distributive útdrukkingen mei haadwurden dy’t in grutte hoemannichte oantsjutte. Yn ‘e neikommende paragraaf sil neigien wurde hoe’t in syntaktyske analyze fan ditsoarte fan útdrukkingen derút sjen kinne soe.

### 3. It plak fan kwantifisearders yn ‘e haadwurdkloft

Yn dizze paragraaf besprek ik earst koart de syntaktyske skaaimerken fan kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften (par. 3.1.). Dêrnei sil ik in útstel foar de struktuer fan ‘e haadwurdkloft op ‘t aljemint bringe dêr’t kwantifisearders yn ‘t ginneraal en kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften yn ‘t bysûnder yn bepaast wurde kinne (par. 3.2.). Ta beslút besprek ik kwantifisearders fan it type *genôch* en lit sjen dat dy mar allinnich skynber efteropset foarkomme kinne (par. 3.3.).

16 It ferhâldingswurd *linke* giet sels etymologysk al op in distributive bywurdlike útdrukking tebek, ntl. *al + een + ke(n)* ‘ien foar ien’ (ferl. EWN, s.v. *allengs*). Ferlykje ek (*al*) *linken*, dat de temporele betsjutting ‘stadichoan’ hat.



### 3.1. Skaaimerken

Wy hawwe al sjoen dat kwantifisearjende útdrukkingen fan it type *by de/t N*, *by N-en* yn prinsipe neffens de haadwurdkloft dêr't se oer kwantifisearje trije posysjes ynnimme kinne. Ferlykje:

- (23) a. (Wylde) ideeën hie Jelle altiten **by 't soad**.  
 b. Jelle hie altiten (wylde) ideeën **by 't soad**.  
 c. Jelle hie altiten **by 't soad** (wylde) ideeën.

Hja kinne yn it middelfjild fan 'e sin stean en kwantifisearje oer in haadwurdkloft dy't derfan skaat is (bgl. foaropset is lykas yn (23a)).<sup>17</sup> Hja kinne lykwols ek lyk nei de haadwurdkloft yn it middelfjild stean (ferl. (23b)) of derfoar (ferl. (23c)).<sup>18</sup>

It liket der op dat de kwantifisearjende ferhâldingswurdkloft him ek sûnder in haadwurdkloft dêr't er oer kwantifisearret as bywurdlike bepaling by de tiidwurdkloft oppenearje kin. Ferlykje de neikommende sitaten út 'De Likeblommen' fan Eeltsje Halbertsma en in advertinsje fan 'e eardere gemeente Boarnsterhim:

- (24) a. Teiïich wie 't en watte mistich; soms dan reinde it **by de rûs**.  
 [Halb., *rimen en teltsjes* 219 (199411)]  
 b. Boarnsterhim is oer alle boegen **by 't soad** yn beweging.  
 [L.C. 07.03.1998]

Der is reden om oan te nimmen dat útdrukkingen lykas *by 't soad* yn it Frysk, at se foar in haadwurdkloft steane, ek as bywurdlike bepaling analysearre wurde moatte, wylst se, at se nei in haadwurdkloft steane, dêr ien konstituïnt mei foarmje kinne. Allinnich de kloft *ideeën by 't soad* kin yn 'e posysje foar it bûgde tiidwurde yn haadsinnen stean (ferl. (25a)) en yn 'e posysje nei in ferhâldingswurde foarkomme (ferl. (25b)), d.w.s. yn posysjes dêr't mar ien konstituïnt foarkomme kin.<sup>19</sup> Dat is by *by 't soad ideeën* net mooglik, wat derop wiist dat wy dêr net mei in konstituïnt te krijen hawwe.

17 It middelfjild is yn (23) it stik fan 'e sin nei it bûgde tiidwurde *hie* (en foar in evintueel einichste tiidwurde lykas *hân* yn *Ideeën hie | Jelle altiten by 't soad | hân*).

18 De kwantifisearjende ferhâldingswurdkloft kin ek noch yn ekstraposysje stean (Eric Hoekstra, pers. meid.). Ferlykje:  
 (i) Jelle hie altiten wylde ideeën *hân by 't soad*.  
 Dat gebrûk lit ik yn it artikel fierders gewurde.

19 Hoeksema (2013, 161-162) jout deselde tests foar *bij de vleet* en lit sjen dat *bij de vleet* yn dy gefallen ek inkeld nei de haadwurdkloft stean kin.





- (25) a. Ideeën **by 't soad** / \***By't soad** ideeën hie Jelle altiten.  
 b. Mei ideeën **by 't soad** / \***by 't soad** ideeën sette Jelle dat jiers nei New York ta.

By sinnen lykas (23a) is min út te meitsjen oft *by 't soad* dêr in frije bywurdlige bepaling is of in part fan 'e (spjalte) haadwurdkloft *ideeën by 't soad*. De haadwurdkloft dêr't *by 't soad* oer kwantifisearret is ornaris ûnbeskaat.<sup>20</sup> Hy moat ûnbeskaat wêze, at haadwurdkloft en *by 't soad* ien konstituïnt foarmje (ferl. (26a)). At *by 't soad* lykwols as in bywurdlige bepaling by de tiidwurdkloft analysearre wurde kin, binne beskate haadwurdkloften mooglik (ferl. (26b,c,d)).

- (26) a. Boeken / \*Dy boeken / \*Har boeken **by 't soad** lies Jelle yn 'e fakânsje.  
 b. Boeken / Dy boeken / Har boeken lies Jelle **by 't soad** yn 'e fakânsje.  
 c. Jelle lies boeken / dy boeken / har boeken **by 't soad** yn 'e fakânsje.  
 d. Jelle lies **by 't soad** boeken / ?dy boeken / ?har boeken yn 'e fakânsje.

De eigenskip dat de haadwurdkloft ûnbeskaat wêze moat, at se der ien konstituïnt mei foarmje, ha útdrukkingen lykas *by 't soad* mien mei oare eksistinsjele kwantifisearders lykas *telwurden (ien, tolve, hûndert...), in soad, gâns, in stikmannich, guon, in pear* en *in bytsje*.<sup>21</sup> Sokke kwantifisearders

- 20 Hoeksema (2013) besprekt in pear, foar 't neist skynbere útsûnderingen. Foarst kinne kwantifisearjende útdrukkingen fan dit slach kwantifisearje oer it meartallige persoanlik foarnamwurd *hja/se* (ferl. foarbyld (3)). *Hja/se* oppenearret him lykwols wol mear yn konteksten dêr't allinnich ûnbeskate haadwurdkloften yn foarkomme kinne, bgl. yn ekstinsjele sinnen (*Hja binne der, dy leare it nea; Men hat se, dy leare it nea*). Dat (ûnbeskate) gebrûk fan *hja/se* is nedich neier ûndersocht. Twad kinne kwantifisearjende útdrukkingen lykas *by de bult* ensafh. kwantifisearje oer betreklike foarnamwurden (ferl. foarbyld (1a)) yn fuotnoat 6). Der binne lykwols oanwizingen dat de (lege) haadwurdkloft yn betreklike bysinnen, dêr't it betreklik foarnamwurd mei koyndisearre is, ûnbeskaat is. Men kin yn sokke sinnen bygelyks it eksistinsjele *der* fine (*de boeken dy't der op 'e bazaar ferkocht waarden*) of kwantifisearders dy't allinne foar ûnbeskate haadwurdkloften stean kinne (*de boeken dy't er in stikmannich kocht hie*).
- 21 Eksistinsjele kwantifisearders drukke út dat der op syn minst ien ilemint yn it peardomein bestiet dêr't in beskate eigenskip foar jildt. Dêrfoar oer drukke *universele kwantifisearders* (lykas *alle* of *beide*) út dat in eigenskip foar alle ileminten yn it peardomein jildt.





steane ornaris foar de ûnbeskate haadwurdkloft (ferl. (27c,d)) en kinne dêr fan skaat wurde, at de kloft foaropset wurdt (ferl. (27a)), mar hja kinne net nei de haadwurdkloft stean (ferl. (27b)).

- (27) a. Ideeën hie Jelle altiten **in soad**.  
 b. \*Jelle hie altiten ideeën **in soad**.  
 c. Jelle hie altiten **in soad** ideeën.  
 d. **In soad** ideeën hie Jelle altiten.

Der is op syn minst ien eksistinsjele kwantifisearder dy't krekt as útdrukkingen fan it slach *by 't soad* nei de haadwurdkloft stean kin dêr't er oer kwantifisearret en dêr ien konstituïnt mei foarmet, nammentlik *genôch*:

- (28) a. Ideeën hie Jelle altiten **genôch**.  
 b. Jelle hie altiten ideeën **genôch**.  
 c. Jelle hie altiten **genôch** ideeën.  
 d. Ideeën **genôch** hie Jelle altiten.  
 e. **Genôch** ideeën hie Jelle altiten.

*Genôch* kin foar en nei de haadwurdkloft stean (ferl. (28b,c)) en foarmet dêr, oars as kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften, net allinnich at it dernei, mar ek at it derfoar stiet, in konstituïnt mei (ferl. (28d,e)). Haadwurdkloften mei *genôch* kinne ek wer spjalt wurde (ferl. (28a)). De fraach is no, hoe't kwantifisearders fan it type *by 't soad*, *in soad* en *genôch* yn in algemiene analyze fan 'e haadwurdkloft bepast wurde kinne.

### 3.2. Struktuer

Haadwurdkloften wurde tsjintwurdich meast beskôge as Determiner Phrases (DPs), d.w.s. as wurdkloften mei in determinearder (bygelyks in beskaat lidwurd) as haad. De determinearder selektarret in Noun Phrase, in wurdkloft mei in haadwurd as haad. Utgeande fan sa'n DP-analyse fan 'e haadwurdkloft, slacht Morzycki (2011) foar om Ingelske útdrukkingen mei de kwantifisearder *galore* 'by 't soad' (ferl. (29)), dy't ek nei de (ûnbeskate) haadwurdkloft stiet, te analysearjen lykas yn (30):

- (29) a. John has books **galore**. 'John hat boeken by 't soad'  
 b. There is money **galore**. 'Der is jild by 't soad'
- (30) a. [DP [D' galore [NP (beautiful) books ]]]  
 b. [DP [NP (beautiful) books ]<sub>i</sub> [D' galore t<sub>i</sub> ]]



Dêrby nimt er oan dat *galore* de haadposysje fan 'e DP ynnimt en dat de NP út in basisposysje nei *galore* (ferl. 30a)) oer *galore* hinne nei de spesifisearderposysje fan 'e DP ferskood is (ferl. 30b)). Ofsjoen fan it feit dat it net sa dúdlik is wêr't dy (ferplichte) ferskowing troch bewurkmastere wurdt, is it de fraach oft kwantifisearders lykas *galore* wol haden binne. Yn alle gefallen kin sa'n analyse der foar kwantifisearjende údrukkingen lykas *by 't soad net* op troch, om't dat dúdlikernôch gjin haden, mar wurdkloften binne.<sup>22</sup>

Hoeksema stelt om dy reden foar haadwurdkloften mei *bij de vleet* yn 't Hollânsk in struktuer út lykas yn (31):

(31) [DP [NP (mooi) boeken ] [PP bij de vleet ] ]

De struktuer yn (31) is, sa't Hoeksema ynskikt, net yn 't lyk mei de begjinsels fan 'e X-bar-teory, om't de DP gjin haad hat. Hy giet der lykwols fan út dat it hjir giet om in muoi unike fêste ferbining mei in idiomatyske ynterpretaasje. It is lykwols de fraach oft soks samar in skeining fan 'e X-bar-teory rjuchtfeardiget. Boppedat docht de kwantifisearjende útdrukking *bij de vleet* semantysk net folle oars as oare eksistinsjele kwantifisearders (hy kwantifisearret oer ûnbeskate haadwurdkloften), dat it hat net safolle eigenskip om foar haadwurdkloften mei *bij de vleet* in spesjale idiomatyske konstruksje oan te nimmen.


Ik soe foar kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften leaver op in analyse út wolle dy't se op ien streek set mei oare eksistinsjele kwantifisearders. Der is reden om oan te nimmen dat de haadwurdkloftstruktuer ferrike wurde moat mei twa kwantifisearderkloften (QP), in hegen ien, dy't foar de DP stiet (QP<sub>1</sub>), en in legen ien, dy't tusken 'e DP en de NP stiet.<sup>23</sup> Yn 'e spesifisearderposysje fan QP<sub>1</sub> steane universele kwantifisearders lykas *al* (yn *al de boeken*) en *hiele* (yn *hiele Fryslân*).<sup>24</sup> Yn 'e haadposysje fan QP<sub>1</sub> stiet yn it Frysk de partitive markearder *fan* (yn *Dat binne fan syn moaiste fersen*). Eksistinsjele kwantifisearders (telwurden en ûnbeskate foarnamwurden) steane yn 'e spesifisearderposysje fan QP<sub>2</sub>. De haadposysje fan QP<sub>2</sub> kin beset wêze fan 'e ûnbeskate lidwurden *in* (de reducearre foarm fan it telwurd *ien*) en *wat* of fan it komplekse demonstrative ûnbeskaat lidwurd

22 Dat jildt nammers ek foar ferlykbere Ingelske distributive kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften lykas *by the score* en *by the shitload*.

23 Ferlykje J. Hoekstra (2011) en de dêr neamde literatuer.

24 *Hiel* is in universele kwantifisearder oer parten; *hiele Fryslân* betsjut safolle as 'Fryslân yn al syn parten'.

sa'n/sok(ke).<sup>25</sup> De hiele struktuer fan 'e haadwurdkloft mei in stikmannich mooglike ynfollingen jou ik yn (32):



Hoe kinne efteropsette kwantifisearders lykas *by 't soad* no yn dizze struktuer teplakbrocht wurde? Distributive útdrukkingen lykas *deis*, *de man* en *yn 't jier*, dy't nei de QP<sub>2</sub> komme dy't se modifisearje, wurde dêr nei alle gedachten oan adjungearre:<sup>26</sup>

- (33) a. [QP [QP trije [Q' ∅ [NP lepfollen]]] deis]  
 b. [QP [QP fjouwer [Q' ∅ [NP apels]]] de man]  
 c. [QP [QP fiif [Q' ∅ [NP euro]]] it stik]  
 d. [QP [QP twa [Q' ∅ [NP nûmers]]] yn 't jier]

Itselde jildt dan sûnder mis ek foar haadwurdkloften mei in efteropsette distributive ferhâldingswurdkloft mei *by* (foarsafier't dy as ien konstituïnt foarkomme kinne), hoewol't dy net in kwantifisearder yn 'e spesifisearderposysje fan 'e QP hawwe:

25 Dêrby is *sa'n* de gearraning fan *sa* + it ûnbeskaat lidwurd *in* en *sok(ke)* de gearraning fan *sa* + it lege ûnbeskate lidwurd ∅ foar ûntelbere haadwurden (∅ *jild*) en keale mear-tallen (∅ *boeken*).

26 Men soe úthâlde kinne dat distributive útdrukkingen ek loftsadjungearre wurde kinne, bgl. yn *deis trije lepfollen*. Yn tsjinstelling ta *trije lepfollen deis* kin *deis trije lepfollen* lykwols ûnderbrutsen wurde troch oar leksikaal materiaal:  
 (i) a. \*Hja krigen **trije lepfollen** foar de koarts **deis**.  
 b. Hja krigen **deis** foar de koarts **trije lepfollen**.  
 Dat tsjut derop dat *trije lepfollen deis* ien konstituïnt is en *deis trije lepfollen* net.

(34) [QP[QP  $\emptyset$  apels] by 't amerfol] waarden dêr ferkocht.

De útdrukkingen dêr't it ús hjir om giet, binne lykwols rein kwantifisearjend wurden. Men soe oannimme kinne dat dêr in strukturele weranalyse mei mank gien is. Dêrby waard it eardere distributive adjunkt opfette as de (efteropsette) spesifisearder fan 'e QP. Dan moatte wy talitte dat Q' net allinnich nei lofts, mar ek nei rjuchts útstrampelje kin. Yn (35a) stiet *in soad* yn in foaropsette spesifisearder, wylst yn (35b) *by 't soad* yn in efteropsette spesifisearder stean soe:<sup>27</sup>

- (35) a. [QP in soad [Q'  $\emptyset$  [NP boeken ]]]  
 b. [QP [Q'  $\emptyset$  [NP boeken ]]] by 't soad ]

De fraach bliuwt dan fansels wêrom't kwantifisearjende PPs, oars as de measte oare eksistinsjele kwantifisearders, nei de haadwurdkloft komme dêr't se oer kwantifisearje. Men soe lykwols bybringe kinne, dat ferhâldingswurdkloften (yn lykfolhokker funksje) altiten nei it haadwurd of in haadwurdlke projeksje komme.<sup>28</sup> Ferlykje:

- |  |                      |
|--|----------------------|
| (36) [N' boeken [PP fan Ypk fan der Fear]]                 | (N-komplemint)       |
| [N' boeken [PP oer de oarloch]]                            | (N-komplemint)       |
| [NP [NP boeken] [PP út 'e biblioteek]]                     | (NP-adjunkt)         |
| [QP [QP twa [Q' $\emptyset$ [NP boeken]]] [PP yn 'e wike]] | (QP2-adjunkt)        |
| [QP [Q' $\emptyset$ [NP boeken ]]] by 't soad ]            | (QP2-spesifisearder) |

In útsûndering foarmje dan wol de saneamde preposysjonele telwurden (ferl. Corver & Zwarts 2006):<sup>29</sup>

- 27 Ik kin op 't stuit net bewize dat kwantifisearjende PPs yn 'e spesifisearderposysje fan QP2 steane. Men soe ek oannimme kinne dat se adjungearre binne oan 'e QP. It hinget der fan ôf oft men oannimme wol dat adjunkten net allinnich modifisearje, mar ek kwantifisearje kinne of dat men kwantifikaasje leaver ta QPs beheine wol. Ik bin hjir fan 'e lêste opfetting útgien.
- 28 Dat jildt ek foar Hollânsk *bij de vleet* en foar oare kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften lykas *in overvloed* en *te over*.
- 29 Yn *lju boppe de fyftich* liket it faaks yn 't earste oankommen as stiet it preposysjonele telwurd efter it haadwurd, mar *boppe de fyftich* telt dêr net de *lju*, mar it weilitten *jier* (*lju boppe de fyftich jier*). Boppedat is *lju boppe de fyftich* (*jier*) nei alle gedachten bekoarte út *lju fan boppe de fyftich* (*jier*). Ferlykje *lju fan fyftich*, dêr't *fan* net weilitten wurde kin. De *fan*-PP is in NP-adjunkt by *lju*.





- (37) oer/boppe de tweintich boeken  
 ûnder de tweintich boeken  
 tsjin/by de tweintich boeken  
 tusken 'e tweintich en tritich boeken

Dat binne dúdlikernôch ferhâldingswurdkloften, mar se steane, faaks om't it semantysk besjoen feitliks telwurden binne, lykas oare telwurden foar it haadwurd dêr't se oer kwantifisearje.

Dat kin lykwols noch net it hiele ferhaal wêze. Der binne kwantifisearders dy't sa't it liket nei de haadwurdkloft stean kinne, mar dy't gjin ferhâldingswurdkloften binne. Fan Ingelsk *galore* soe men noch úthâlde kinne dat it etymologysk in ferhâldingswurdkloft is - it komt út Iersk *go leór*, safolle as Dútsk *zur Genüge* - en dat it fanwegen syn histoarysk komôf noch altiten efteropset wurdt. Foar Frysk *genôch* jildt soks lykwols net. Yn 'e neikommende paragraaf sille efteropsette kwantifisearders fan it slach *genôch* sadwaande nochris neier besjoen wurde.

### 3.3. Genôch

Om it hâlden en dragen fan *genôch* goed te begripen, moat it yn in justjes rommere gearhing besjoen wurde. *Genôch* is in graadmarkearder lykas *sa*, *te* en it komparatyf efterheaksel *-er*. Graadmarkearders wurde mei eigenskipswurden kombinearre. *Genôch* stiet lykas it efterheaksel *-er* nei it eigenskipswurd, faaks om't it ek in foech efterheaksel is. Yn klassyk Frysk hat it yn alle gefallen de foarm *-ernôch* en wurdt it oan it eigenskipswurd fêst skreaun:<sup>30</sup>

- (38) **sa** grut  
**te** grut  
 grutter  
 grutter**nôch**

Besjuch no de neikommende foarbylden mei de kwantifisearjende eigenskipswurden *folle* en *min*:

- (39) **sa**\*(folle) boeken/jild  
**te**\*(folle) boeken/jild  
 mear boeken/jild (mear = FOLLE+er)  
 genôch boeken/jild (genôch = FOLLE+ernôch)

30 -*ernôch* giet mei in ûnetymologyske r tebek op Aldfrysk *enoch* 'genôch'.



\***sa** min boeken/jild<sup>31</sup>  
**te** min boeken /jild<sup>32</sup>  
 minder boeken/jild

De graadmarkearders *sa* en *te* kinne net sûnder *folle* foarkomme, at se yn in haadwurdkloft steane. Men mei dêrom foar 't neist oannimme dat soks ek jildt foar de graadmarkearders *-er* en *-ernôch*. It kwantifisearjende eigenskipswurd *folle* hat dan in ûnregelmjittige komparatyf *mear*, feitliks FOLLE+*er* (ferl. it fierhinne regelmjittige *minder*).<sup>33</sup> It hat ek in ûnregelmjittige 'ernôch-foarm': *genôch* is winliken FOLLE+*ernôch* (ferl. Bresnan 1973, Kayne 2006). It falt no op dat net allinnich *genôch* foar en nei it haadwurd stean kin, mar *tefolle* en *temin* ek:

(40) boeken/jild **genôch**  
 boeken/jild **tefolle /temin**

*Mear* en *minder* kinne net nei in keal haadwurd stean:

(41) \*boeken/jild **mear/minder**

Mar *tefolle* en *temin* likegoed as *mear* en *minder* kinne efteropset wêze as der foar it haadwurd in telwurd of in ûnbeskate kwantifisearder stiet:

(42) twa/gâns boeken **tefolle / temin**  
 twa/gâns boeken **mear / minder**

- .....
- 31 Yn 19de-ieusk Frysk wie *sa min* (foar 'sa'n bytsje') noch mooglik. Ferlykje:  
 (i) Ma (mat) besauwe, det hir fryske foarstonders yete **sa min** war dien hadde um se to biskermjen.  
 [H. Sytstra, *Id.* 78 (1848)]  
 It stiket boppedat yn 'e fêste ferbining *sa min mooglik*.
- 32 *Genôch/-ernôch* kin ek de betsjutting 'te' krije. Ferlykje *grutternôch* 'sa grut as oft nedich is', mar ek '(feitliks) te grut'. Yn dy lêste betsjutting wurdt it inkeldris ek mei *min* kombinearre:  
 (i) a. "Ja", anderet Bouke, "ik ha sein det ik winliken **mingenôch** for de woartels krije kin, mar it joech my neat."  
 [W. Cuperus, *tried II* 40 (1942)]  
 b. It liket benammen te gean om sfear en ympresje, mar dat is my **min genôch**.  
 [<http://www.ensafh.nl/?p=13701>] (rieplachte op 1-5-2014)
- 33 De fêste *d* is *minder* is ûnregelmjittich; it ynfoegjen fan *d* tusken *-n* en *-er* is ornaris opsjoneel (ferl. *tinner/tinder*).



Dêrfoaroer is in efteropset *genôch* nei kwantifisearder + haadwurd útsletten:

(43) \**twa/gâns boeken genôch*

It hat eigenskip en set de konstruksje yn (42) mei *folle* en *min* op ien streek mei de ferbiningen yn (44), dêr't de eigenskipswurden net kwantifisearjend binne:

(44) ien meter **te lang / langer**  
 twa moanne **te âld / âlder**  
 trije stasjons **te fier / fierder**

De eigenskipswurdkloft wurdt ornaris opfette as in Degree Phrase (DegP) mei de graadmarkearder as haad (Corver 1997a,b). De graadmarkearder selektearret in Adjective Phrase (AP) as komplemint. Mjitteoantsjuttende kloften lykas *ien meter*, *twa moanne* of *trije stasjons* yn (44) steane yn 'e spesifisearderposysje fan 'e DegP:<sup>34</sup>

(45) [<sub>DegP</sub> ien meter [<sub>Deg'</sub> te/-er [<sub>AP</sub> lang ]]]

De mjitteoantsjuttende kloft tsjut in oerskot of in tekoart oan alneigeraden oft it eigenskipswurd de positive of de negative poal op in skaal útdrukt: *twa sintimeter te grut* (oerskot), *twa sintimeter te lyts* (tekoart). Foar de ferbiningen yn (42) kin men yn prinsipe deselde analyze oannimme, allinnich stiet dêr de DegP mei de kwantifisearjende eigenskipswurden *folle* en *min* sels wer yn 'e spesifisearderposysje fan in QP<sub>2</sub>, sa't wy yn par. 3.2. algemien oannommen hawwe foar ûnbeskate kwantifisearjende útdrukkingen:

(46) [QP [<sub>DegP</sub> twa boeken [<sub>Deg'</sub> te/-er [<sub>AP</sub> folle/min]]] [Q' ø [<sub>NP</sub> ø]]

De struktuer yn (46) is elliptysk; de NP, dy't men ynterpretearje kin as *boeken*, bliuwt leech, om't de boeken al neamd binne yn 'e mjitteoan-

34 Ik gean der hjir fan út dat de mjitteoantsjuttende kloft basisginnerearre wurdt yn 'e spesifisearderposysje fan DegP. Foar de hypothese dat mjitteoantsjuttende kloften feitliks predikaten binne fan in Small Clause mei it eigenskipswurd (of feitliks it yntervalargumint fan it eigenskipswurd) as subjekt en dat se út 'e Small Clause nei in hegere spesifisearderposysje ferskood wurde, sjuch Corver (2009).





tsjuttende kloft.<sup>35</sup> It Ingelsk folget by *more* en *less* de omkearde strategy: yn (47) wurdt *books* realisearre yn 'e NP dêr't oer kwantifisearre wurdt en net yn 'e mjitteoantsjuttende kloft:<sup>36</sup>

(47) two **more/less** books

(48) [QP [DegP two ø [Deg' -er [AP many/few]]] [Q' ø [NP books]]]

By oare ûnbeskate kwantifisearders as de telwurden docht it Frysk nammers krekt sa as it Ingelsk:

(49) folle **mear/minder** boeken  
in bytsje **mear/minder** boeken

Mei *in pear* binne beide strategyen mooglik:

(50) in pear boeken **mear/minder**  
in pear **mear/minder** boeken

De fraach is no hoe't men de konstruksjes yn (40) analysearje moat, dêr't foar it haadwurd net in kwantifisearder stiet. Is *boeken tefolle/temin/genôch* ferlykber mei *tefolle/temin/genôch boeken* en stiet de kwantifisearder yn it earste gefal - sa't wy dat foar kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften

35 It kin foarkomme dat sawol de NP yn 'e mjitteoantsjuttende kloft as de NP dêr't oer kwantifisearre wurdt, realisearre wurde, nammentlik at de earste in mjitteoantsjuttend haadwurd befettet: *tsien kuorren temin jirpels, twa glêzen tefolle bier, fyftich euro mear hier*.

36 By *too many* hat it Ingelsk deselde konstruksje as it Frysk: *two books too many*. Yn it gefal fan *te min* kin men yn it Ingelsk net mei *too less* oersetse: *Ik ha twa euro te min* wurdt sokssawat as *I am two euros short*.

In probleem liket yn 'e earste opslach *one more book*. At *more* dêr yndie in kwantifisearder is, soe men in meartallich haadwurd ferwachtsje (ferl. *more \*book/books*). Op it ynternet kin men yndie frijwat foarbylden mei it haadwurd yn it meartal fine:

- (i) a. Recently I made a commitment not buy **one more books** until I'd read all those gathering dust on the above named shelf. [<http://sspjut.com/category/my-favorite-reads/my-reviews/billie-lettes>] (riepachte op 1-5-2014)
- b. **One more books** worth mentioning is "Buddhism & Science - breaking new grounds". [<https://answers.yahoo.com/question/index?qid=20090821130921AAw7zkr>] (riepachte op 1-5-2014)

Ik nim oan dat it haadwurd yn *one more book(s)* ûnderlizzend meartallich is en dat it iental yn *one more book* in oerflakkige oanpassing is oan 'e ientalichheid fan 'e hiele haadwurdkloft. It foarbyld yn (ib) lit sjen dat it tal fan *one more books* beskaat wurdt troch de mjitteoantsjuttende kloft *one*.



oannommen hawwe - yn in efteropsette spesifisearder? Of is *boeken tefolle/temin/genôch* earder te ferlykjen mei *twa boeken tefolle/temin* en hat it de elliptyske struktuer yn (51) (ferlykber mei (46)):

(51) [QP [DegP boeken [Deg' te/-ernôch [AP folle/min]]] [Q' ø [NP ø ]]]

Foar *boeken tefolle* en *boeken temin* hat de struktuer yn (51) de measte eigenskip: der is in dúdlik semantysk ferskil tusken foaropset en efteropset *tefolle/temin*. Ferlykje (52) en (53):

(52) (Jelle hat 10 auto's, mar hy kin yn syn skuorre mar 7 bergje.)

- a. Jelle hat **tefolle** auto's, nammentlik (wol) 10  
nammentlik 3.
- b. Jelle hat auto's **tefolle**, \*nammentlik (wol) 10.  
nammentlik 3.

(53) (Aly wol in hûs fan 100.000 euro keapje, mar hja hat mar 80.000 euro.)

- a. Aly hat **temin** jild, nammentlik (mar) 80.000 euro.  
nammentlik 20.000 euro.
- b. Aly hat jild **temin**, \*nammentlik (mar) 80.000 euro.  
nammentlik 20.000 euro.

Yn 'e sinnen mei foaropset *tefolle/temin* kin it komplette tal auto's of euro's as *tefolle* of *temin* oanmurken wurde; *auto's* en *euro's* binne dêr de NPs dêr't oer kwantifisearre wurdt. Dêrfoar wurdt yn 'e sinnen mei efteropset *tefolle/temin* altiten it oerskot of tekoart beklamme; *auto's* en *euro's* binne dêr mjitteoantsjuttende kloften dy't dat oerskot of tekoart útdrukke (lykas yn it eksplisite *trije auto's tefolle* of *20.000 euro te min*). Mar hoe sit dat by *genôch*: kin men dêr ek in ferlykber betsjuttingsferskil tusken de foaropsette en de efteropsette foarm obstrewearje? Ferlykje dêrta (54):

(54) (Om te winnen moast de kandidaat 100 stimmen helje.)

- a. De kandidaat hie **genôch** stimmen, nammentlik (presiiis) 100.  
nammentlik 150.
- b. De kandidaat hie stimmen **genôch**, \*nammentlik (presiiis) 100  
nammentlik 150.

It foaropsette *genôch* kin de krekte taks oantsjutte, it efteropsette *genôch* drukt altiten út dat der in oerskot ('mear as *genôch*') is. It kin dan sels de betsjutting '(feitliks) *tefolle*' krije:

(55) It minskdom yt fleis **genôch**.

It hat sadwaande eigenskip foar efteropset *genôch* ek de analyze yn (51) oan te nimmen.

It wurdt no ek dúdlik wêrom't *\*twa boeken genôch* mei in foaropset telwurd (ferl. (43)) en *\*boeken mear/minder* sûnder foaropset telwurd (ferl. (41)) ûngrammatikaal binne. By *genôch* is it yn prinsipe yrrillevant hoefolle oft der krekt mear as *genôch* is, it giet by *genôch* yn 't foarste plak om de taks, it kwoatum, it kwoarum, ensfh. *Genôch* is *genôch*, om sa mar te sizzen. By *mear/minder* is it krekt oarsom; *mear* telt it oerskot of it tekoart neffens it tal dêr't mei ferlike wurdt. *\*Jelle hat boeken mear/minder as Aly* soe itselde betsjutte as *Jelle hat mear/minder boeken as Aly* en is sadwaande oerstallich. It giet dêrom by it efteropsette *mear/minder* altyd om: Hoefolle *mear/minder*?

At de boppesteande analyze doocht, dan betsjut dat dat kwantifisearders dy't in graad fan *folle* of *min* oantsjutte (*tefolle/temin*, *mear/minder* en *genôch*) struktureel besjoen hielendal net efteropset binne. At it efteropsette kwantifisearders wêze soene, dan soene it lykas kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften wurdkloften wêze moatte. De neikommende foarbylden litte lykwols sjen dat *tefolle/temin*, *mear/minder* en *genôch* inkeld at se foar it haadwurd steane dêr't se in konstituïnt mei foarmje in mjitteoantsjuttende kloft foar har ferneare kinne:<sup>37</sup>

- (56) a. fierstentefolle/temin boeken / \*boeken fierstentefolle/temin  
 b. (de) helte mear/minder boeken / \*boeken (de) helte mear/minder  
 c. te wille *genôch* boeken / \*boeken te wille *genôch*

Dat folget út 'e analyze yn (51): de mjitteoantsjuttende kloften *fiersten-*, *(de) helte* en *te wille* steane yn 'e spesifisearderposysje fan 'e DegP, yn 'e ûngrammatikale gefallen yn (56) is dy posysje lykwols al beset fan *boeken*.<sup>38</sup>

- 37 Ferlykje de nijsgjirrige oanhaal mei *te wille* yn (i)  
 (i) Di roak is **to wille wider noach**; dou kenste er wol yn weinje. [*Halb B* 125 (a. 1869)].  
 De ûnderlizzende struktuer fan 'e DegP soe dêr wêze:  
 (ii) [DegP te wille [Deg' -ernôch [AP wiid ]]]  
*Te wille* kin nammers ek sûnder *genôch* yn 'e betsjutting 'genôch' brûkt wurde:  
 (iii) it hûs is to-wille great. [S.R. Sipma, *Pomp*. 38 (1929)]
- 38 De fraach oft it ferâldere *planteit*, it Ingelske lienwurd *plenty* en de Hollânske ynterferinsje *sat* ek lykas *genôch* analysearre wurde moatte, dus as leksikalisearringen fan *FOLLE-ernôch*, lit ik hjir ynearsten gewurde.



#### 4. Konklúzje

Yn dit artikel haw ik sjen litten dat kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften tige wreide ha yn it Frysk. Hja binne ûntstien út distributive útdrukkingen mei it ferhâldingswurd *by* en mei haadwurden dy't in grutte, net-eksakte hoemannichte oantsjutte. Kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften soene wolris de iennichste efteropsette kwantifisearders wêze kinne, wat moolk gearhinget mei it feit dat ferhâldingswurdkloften yn haadwurdkloften yn 't ginneraal nei it haadwurd komme. Ik haw besocht om oannimlik te meitsjen dat oare skynber efteropsette kwantifisearders lykas *genôch* net efter de haadwurdkloft steane dêr't se oer kwantifisearje, mar efter in mjitteoantsjuttende haadwurdkloft. De haadwurdkloft dêr't oer kwantifisearre wurdt, bliuwt yn sokke gefallen leech.

It is opfallend hoe produktyf en kreatyf oft it Frysk west hat by it oanmeitsjen fan kwantifisearjende útdrukkingen foar grutte hoemannichten:

- (57) in soad, in protte, in bulte, in hopen boeken  
 protten, bulten, heappen boeken  
 gâns, frijwat, rju boeken  
 de/in weareld boeken  
 de romte fan boeken<sup>39</sup>  
 aldenbliksem, aldenduvel boeken  
 boeken genôch, planteit

Faaks past it rynske foarkommen fan kwantifisearjende útdrukkingen lykas *by 't soad*, *by de bare bult* ensfh. ek yn dat algemiene byld. It liket derop dat it Fryske kwantifiseardersysteem by de útdrukkingen foar 'in soad' en 'in bytsje' yn roerje rekke is. It wenstige wurd foar 'in soad', *folle*, is ein

- 39 Foarbylden fan it gebrûk fan *de romt(e) fan* as kwantifisearder binne:
- (i) a. Ik (hab) **de romt' fen** parrebeamen ijn 't hoaf. [J.H. Halb., *Fr.J.Gen.* 68 (1830)]
  - b. Hy hied ... **da rumte fon** jildt mar by him stitsen. [*Iduna* 55 (1848)]
  - c. Wês net sa sljocht nei sliepen, oars wurdst earm, mar hâld de eagen iepen, dan silsto **de romte fan brea** hawwe. [*Bibel* (...): Spreuken 20, 13]

Ik nim oan dat *de romt(e)* dêr de eigentlike kwantifisearder is en dat *fan* net in ferhâldingswurd is, mar in ilemint sûnder betsjutting dat it Q-haad leksikalisearret. In oanwizing dêrfoar soe wêze kinne dat *fan* weibliuwt, at de NP net fuort nei *de romt(e)* stiet:

- (ii) a. Wij habbe wetter, man! **de romt'**. [J. Roorda, *amme-lied* 7 (1830)]
- b. En wrakke tsiis ha 'k ek **de romt'**. [J. Sytema, *hinne* 21 (1862)]
- c. Alde feinten en fammen binne hjir by om **de rûmte**.

[W. Dykstra, *skearbaes* 79 (1878)]

Faaks jildt itselde foar oan yn *de weareld (oan) boeken*.



19<sup>de</sup> ieu negatyf polêr wurden, d.w.s. it kin allinnich mar mear yn negative konteksten foarkomme.<sup>40</sup> It wurd foar ‘in bytsje’, *min*, is noch beheinder yn syn mooglikheden; it kin allinnich mar mear nei de graadmarkearder *te* stean. Hat it de tebekgong fan ‘e gebrûksmooglikheden fan *folle* en *min* west dy’t ta it sykjen om nije údrukkingen foar ‘in soad’ en ‘in bytsje’ laat hat of wiene it, krekt oarsom, al dy nije údrukkingen foar ‘in soad’ en ‘in bytsje’ dy’t de âldbewende kwantifisearders yn ‘e marzje krongen hawwe? Faaks moat men de rillative rykdom fan it Frysk op dit mêd smite op it ferskil tusken sprektaal en skriuwtaal en lit it sputsene Frysk, dat minder fan ‘e skreaune taal beynfloede is as bygelyks it Hollânsk, mear kreativiteit en ekspressiviteit ta (mei tank oan Eric Hoekstra foar dy suggestje)?

Gâns aspekten fan it Fryske kwantifiseardersysteem binne de lêste tiid ûndersocht (ferl. Tamminga 1973a,b, E. Hoekstra 1996, 2010, 2011, J. Hoekstra 2000, 2011). Dit artikel oer distributive kwantifisearjende ferhâldingswurdkloften slút dêrby oan. It wachtsjen bliuwt lykwols noch op in omfiemjende stúdzje fan it kwantifiseardersysteem yn it Frysk, dy’t de ûntjouwingen fan ‘e ûnderskate typen fan kwantifisearders yn in grutter histoarysk en struktureel ramt set.

#### Literatuer

Bresnan, Joan (1973), ‘Syntax of the comparative clause construction in English’, *Linguistic Inquiry* 4, 275-343.

Corver, Norbert (1997a), ‘Much-support as a last resort’, *Linguistic Inquiry* 28, 119-164.

Corver, Norbert (1997b). ‘The internal syntax of the Dutch extended adjectival projection’, *Natural Language and Linguistic Theory* 15, 289-368.

Corver, Norbert (2009), ‘Getting the (Syntactic) Measure of Measure Phrases’, *The Linguistic Review* 26, 67-134.

Corver, Norbert & Joost Zwarts (2006), ‘Prepositional numerals’, *Lingua* 116, 811-835.

EWN = *Etymologisch woordenboek van het Nederlands*, 4 dln, AUP, Amsterdam (2003-2009).

Hoeksema, Jack (2013), ‘Bij de vleet: een kwantor op afstand’, *Tabu* 40, 153-165.

Hoekstra, Eric (1996) ‘Veel of een bult: ‘veel’ als negatief-polair item in het Noordoosten’, *Driemaandelijks Bladen* 48, 159-165.

Hoekstra, Eric (2010), ‘Oer folle en ‘weinich’ yn it Nijfrysk en it Midfrysk’, *It Beaken* 72, 55-68.

40 Desideratum is in kwantitatyf en kwalitatyf ûndersyk nei hoe’t dat yn detail yn syn wurken gien is.



- Hoekstra, Eric (2011), 'Negative polarity in morphology: The case of Frisian *folle* 'much, many' as compared to Dutch *veel*', yn: Rick Nouwen & Marion Elenbaas, *Linguistics in the Netherlands 2011*, Benjamins, Amsterdam/Philadelphia, 25-37.
- Hoekstra, Jarich (1988), '-fol, fol en de syntaksis fan mjitteoantsjuttingen', yn: Siebren Dyk & Germen de Haan (red.), *Wurdfoarried en wurdgrammatika. In bondel leksikale stúdzjes*, Fryske Akademy, Ljouwert, 74-114.
- Hoekstra, Jarich (2000), 'The West Frisian quantifier system and the "mass only" puzzle', yn: Helen de Hoop & Ton van der Wouden (red.), *Linguistics in the Netherlands 2000*, Benjamins, Amsterdam/Philadelphia, 119-131.
- Hoekstra, Jarich (2011) 'In bytsje oer *gâns*. In lytse bydrage ta de stúdzje fan it Fryske kwantifiseardersysteem', *It Beaken* 73, 103-128.
- Hoekstra, Jarich & Willem Visser (1996), *De- en it-wurden yn it Frysk, Us Wurk* 45, 55-78.
- Kayne, Richard (2006), 'On Parameters and on Principles of Pronunciation', yn: H. Broekhuis, N. Corver, R. Huybregts, U. Kleinhenz and J. Koster (red.), *Organizing Grammar. Linguistic Studies in Honor of Henk van Riemsdijk*, Mouton de Gruyter, Berlin, 289-299.
- Morzycki, Marcin (2011), 'Quantification Galore', *Linguistic Inquiry* 671-682.
- Tamminga, D.A. (1973a), 'In soad minsken', yn: *Op 'e taelhelling II. Losse trochsneden fan Frysk taellibben*, Osinga, Boalsert, 10-12.
- Tamminga, D.A. (1973b), 'Folle net genôch', yn: *Op 'e taelhelling II. Losse trochsneden fan Frysk taellibben*, Osinga, Boalsert, 12-15.
- Visser, Willem (2011), 'Historical gender change in West Frisian', *Morphology* 21, 31-56.
- Vries, Jan de (1971), *Nederlands etymologisch woordenboek*, Brill, Leiden.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal*, Fryske Akademy, Ljouwert (1984-2011).

↑